

## Stichting Tillehûs

"Dat liket derop!" " Wat wurdt it grut!" " Dit wurdt moai! " Samar in pear spontane opmerkingen dy't jo hearre kinne as it om ús MFA Tillehûs yn oanbou giet. Ja, it gebou is prachtich ûntworpen troch Zijlstra architecten út Bakhúzen. En it is sa betocht en útpuzzele, dat de boumannen mar ta avensearje kinne.

En dat dogge se. Jo sjogge it gebou mei de dei groeien. It giet der sa rapsty omwei, dat it hat deroan dat we it as bestjoer by poatsje kinne." Bin jim al mei de iepening oan 'e gong? " waard hjoed frege. No ja, ál en net. Wy ha der oer neitocht, mar der is noch safolle oars dat ek noch dien wurde moat, en it is allegear like belangryk....

In hiele boel is al regele en besletten. Noch hiel folle moat oerlein wurde. En alle dagen is der wol wat dat besjoen of wêr oer neitocht wurde moat. Ljocht, lûd, it plak fan de brievebus. De foegen, de flierren, de kleur fan de tegels..Mar ek al dy saken dy't de ferskillende gebrûkers nedich binne: In bar foar it doarpshûs, baly's foar dokter en fysio. Ringen en touwen foar de sport, in keukentsje foar it jeugdhonk, in grutte keuken foar it doarpshûs, hjir in kastewand, dêr in stelling...wer komt de aed, binnen of búten? En hoefolle stuollen moatte der by komme? Samar in greep en alles behalve folledich. Architect Zijlstra begeliedt it projekt en bewaakt it bouproces. Mei al syn ervaring is er ús ta grutte stipe.

Hiel bliid binne we mei de geweldige finansjele bydrage dy't we al út it doarp krige ha. De PR kommisje docht der fierderop ferslach fan.

In oantal fan ús winsken kinne no troch gean: Der komme moaie, feilige, rollûken foar de toestelberging yn de sportseal. Der komt in Salto systeem foar de slotten fan de doarren. En faaks komt der toch noch in oplossing foar it toniel. It soe beweegber wurde, yn de flier sakje kinne. Dat ha we fuort besunige. Zijlstra hat no in systeem betocht werby it toniel foar de helte opklapt wurde kin, sadat der mear sealromte beskikber komt. Ek sil it sa makke wurde dat behalve de stuollen, de biljerts der ek ûnder passe. Wy hoopje dat we dit no wól betelje kinne. Ek wolle we graach noch mear sinnepanelen keapje.

Der wurdt noch in oanfraach dien by in fûns foar de toniel ferljochting.

As doarpshûs moatte we noch it ien en oar oan ynrjochting oanskaffe. Hoe " lukse" it wurde mei, hinget ôf fan de bydragen út it doarp. Sa hoopje we dat we lichte, opklapbere tafels keapje kinne. Mar wy ha ek sin oan in moaie stamtafel..

En goede fergaderstuollen, foar de lange sit. En in kastewand. En...en..

Aanst, it is samar safier, dan kinne we ús nije MFA Tillehûs meielkoar iepenje. Sa beneid wat we der dan allegear fan fine!!

Út namme fan it bestjoer, Lys Visser, foarsitter.